

Oanfalsplan fergrutsjen sichtberens Fryske taal en identiteit yn Fryslân



Maart 2022

Ynhâldsopjefte:

Foarside	side 1
Ynhâldsopjefte	side 2
Efkes tebek, de Fryske taal en Kneppelfreed	side 3
Tiid foar feroaring	side 4
Oanlieding	side 5
Stapke derby	side 6
Oanrekommandaasje 1 - foarbyld 'fytspaad'	side 7
Oanrekommandaasje 2 - foarbyld 'kenteken'	side 9
Oanrekommandaasje 3 - foarbyld 'ferkearskampanje'	side 11
Oanrekommandaasje 4 - foarbyld 'trochgeand ferkear'	side 13
Oanrekommandaasje 5 - foarbyld 'plysje'	side 15
Oanrekommandaasje 6 - foarbyld 'Frysktalige ID'	side 17
Oanrekommandaasje 7 - foarbyld 'rjochtbankstimpel'	side 19
Oanrekommandaasje 8 - foarbyld 'nasjonaliteit'	side 21
Oanrekommandaasje 9 - foarbyld 'úttreksel'	side 23
Oanrekommandaasje 10 - foarbyld 'Redbadwei'	side 25
Foar in takomstbestindich Fryslân en it Frysk	side 27



Efkes tebek, de Fryske taal

Oan de ein fan de 15e iuw wie it Frysk de normale taal fan oerheid en rjochtspraak yn it doetiidske Fryslân. It Fryske stamrjocht is al om it jier 800 hinne op skrift set. Om it jier 1485 hinne wurdt de saneamde âlde printinge fan it Fryske lânrjocht (freeska landriucht) it earste Frysktalige boek dat yn druk ferskynt.

Yn de 16e iuw wurdt it Frysk yn frij koarte tiid yn bestjoer en rjochtspraak ferkrongen troch it 'Oudnederfrankisch' (no it Nederlânsk). In dialekt dat doe sprutsen waard yn it suden fan Nederlân, Belgje en it westlike part fan Noard-Frankryk.

Hoewol't it Frysk net langer de offisjele skriuwtaal is, bliuwt de Fryske taal op it plattelân noch lang yn gebrûk as praattaal. Dy situaasje bliuwt sawat gelyk oan it begjin fan de 20e iuw. Benammen yn de twadde helte fan dy iuw wurde feroarings trochfierd, net yn it lêste plak troch ynspanning fan de leden fan de Fryske Beweging en de Jongfryske Mienskip.

Kneppelfreed 1951

De kantonrjochter te Ljouwert, mr. Wolthers, hie yn 1948 twa feeboeren út Âldeboarn feroardiele om't se 'molke' en 'sûpe' op har molkbussen skreaun hienen. De ferdigening dêrfan yn it Frysk waard ferbean. De Fryske bistedokter S.F. van der Burg moast him op 17 oktober 1951 foar it kantongerjocht op It Hearrenfean ferdigenje yn ferbân mei in ferkearsoertrêding. Hy woe dat ek yn it Frysk dwaan, mar dat mocht op 'en nij net fan de kantonrjochter mr. Wolthers. Op 19 oktober 1951 skreau Fedde Schurer, haadredakteur fan de Heerenveense Koerier, in haadartikel ûnder de titel "De laatste man van de Zwarte Hoop", dêr't er mr. Wolthers yn beskuldige fan in 'lytsbernich, misledigjend en treiterjend gedrach'. Fanwegen dy opmerking waard Schurer op 16 novimber 1951 dage yn it rjochtsgebou te Ljouwert foar it misledigjen fan de magistraat. De rapen wiene gear en de neisleep gie doe de boeken yn as Kneppelfreed, ek wol bekend as de 'Slag op het Zaailand'.

Emansipaasje en lykweardigens

Mar de molke- en sûpe-affêre giet om mear as in pear molkbussen. Al gau wurdt de op himsels lytse kwestje ferbûn mei de striid foar de lykweardigens en minskerjochten fan it Frysk en de Friezen. In emansipaasjestrïid dy't sûnt de 20e iuw oant hjoed- de-dei fierd wurdt troch in brede en ryk skakearre groep Friezen.



Tiid foar feroaring!
Jou ús de romte

‘Konstatearje dat it Frysk en it Nederlânsk de offisjele talen yn de provinsje Fryslân binne’

1. September 2019. Comité voor bescherming van nationale minderheden van de Raad van Europa stelt in een advies aan de Tweede Kamer dat de regering meer moet doen om Friesland te helpen de Friese identiteit en taal te bevorderen.

2. 9 december 2020. Motie van de Tweede Kamerleden Van der Molen en Aukje de Vries. Verzoekt de regering, in aanvulling op de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer een akkoord te sluiten met de provincie Fryslân om de zichtbaarheid van het Fries en de communicatie in het Fries te versterken.

3. 9 december 2020. Motie van de Tweede Kamerleden Van der Graaf en Dik-Faber. Verzoekt de regering in samenwerking met de provincie Fryslân te borgen dat conform de afspraken uit de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer en de motie-Dik-Faber c.s. aan de zorgplicht voor de Friese taal en cultuur wordt voldaan.

4. 9 december 2020. Motie van het Tweede Kamerlid Özütok. Verzoekt de regering, om de informatie over het coronavaccinprogramma zo veel mogelijk ook in de Friese taal beschikbaar te stellen.

5. 23 Maart 2021. Brief van demissionair minister Kajsa Ollongren van Binnenlandse Zaken aan de Tweede Kamer om met de provincie een aanvullend bestuursakkoord te sluiten om de zichtbaarheid van de Friese taal te vergroten. Het akkoord geldt als aanhangsel van de bestaande Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023. Over de exacte afspraken van het aanvullende bestuursakkoord zal Ollongren nog in overleg treden met het provinciebestuur.

6. Maart 2022. Nei oanlieding fan it boppesteande oer de mooglikheid de sichtberens fan de Fryske taal yn Fryslân te fersterkjen en te fergrutsjen komt de Jongfryske Mienskip mei in nijsgjirrige bydrage. Perfoarst gjin geveltsje-Frysk, mar in boekje mei foarútstribjende ideeën, progressive winsken en oanrekommandaasjes foar hjoed-de-dei en de kommende 10 jier, dat moat dochs mooglik wêze? Yn dy kontekst moat dit boekje besjoen wurde.

Kneppelfreed 1951-2021

Hoe stiet it Frysk derfoar, 70 jier nei Kneppelfreed?

Boarne: Wytse Sterk, útjouwerij Louise te Grou



De Jongfryske Mienskip is fan betinken dat der noch wol in stapke by kin en komt mei 10 ferskillende oanrekommandaasjes om mei te nimmen yn de ôfspraken fan de provinsje Fryslân mei de ryksoerheid, sawol foar de besteande bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023 en foar de nije bestjoersôfspraken Fryske taal en kultuer.

10 ferskillende oanrekommandaasjes yn willekeurige folchoarder



Oanrekommandaasje 1: Mear Frysk sichtber op 'e dyk

It liket allegear sa fansels. Fryslân is twatalich en dus – sa soenen jo ferwachtsje – spylje Frysk en Nederlânsk in min ofte mear lykweardige rol yn it deistich ferkear. En dochs is dat alderminst it gefal. Nim no sa'n simpel ferkearsboerd 'fietspad', dat is oeral Nederlânsktalich. Fryslân is by útstek in prachtige fytsprovinsje. Yn 't ramt fan it better sichtber meitsjen fan it Frysk op 'e dyk en yn ús prachtich kultuerlânskip soenen de buorden feroare wurde moatte yn Fytspaad.

**Fryslân is in prachtich fytslân om te ûntdekken:
feroarje de buorden 'fietspad' yn fytspaad.**



De provinsje nimt dit mei yn de bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer.

Oanpassing nedich fan it 'Reglement verkeersregels en verkeerstekens 1990' (RVV 1990)

Dit is in foarbyld

**Asto echt wat wolst,
fynst altyd in wei**

**Asto it net wolst,
fynst altyd in ekskús**

Oanrekommandaasje 2: Mear Frysk sichtber op 'e dyk

FRL op it kenteken, in nuver idee? Wolnee. Fan 1906 ôf wie der in Frysk kenteken. Yn Fryslân hienen de auto's in nûmerbewiis dat as ûnderskied allegear begûn mei de letter B. Dêrmei waard de provinsje Fryslân oantsjut. Dat ûnderskied kin wer oanbrocht wurde troch der FRL op te setten, omdat Friezen yn De Haach sûnt 2005 juridysk erkend binne as Nasjonale Minderheid. Yn guon lannen, bygelyks Itaalje, wurdt in regio oantsjut mei in dûbelde identiteit op it kenteken. Hiel gewoan en lykweardich!



De provinsje nimt dit mei yn de bestjoersôfspraak
Fryske taal en kultuer.

Oanpassing nedich fan it 'Reglement
verkeersregels en verkeerstekens 1990' (RVV
1990)



Dit is in foarbyld



Der is yn Fryslân op 'e dyk in hiel soad
yn it Nederlânsk te sjen, en it is soms sa fanselssprekkend
wurden dat it ús net mear opfalt en dat is tige spitich.

Dat moat oars!

Do kinst it! Mar wolst it ek?

Oanrekommandaasje 3: Mear Frysk sichtber op 'e dyk

'Veilig Verkeer Nederland' begjint nei eltse simmer mei de aksje 'De scholen zijn weer begonnen'. Op ferskate plakken yn Fryslân wurde dan spandoeken ophongen wêrmei't ferkearsdielnimmers attindearre wurde op de skoalgeande jeugd. Bêst genôch.

Mar ..., it soe dochs de gewoanste saak wêze moatte dat dy tekst op de spandoeken yn Fryslân ek yn 't Frysk is, bygelyks 'De skoallen binne wer begûn'.

Boarne: Veilig Verkeer Nederland



Dit is in foarbyld



Boarne: #mooidynaigentaal gemeente Waadhoeke

Der is yn Fryslân op 'e dyk in hiel soad
yn it Nederlânsk te sjen, en it is soms sa fanselssprekkend
wurden dat it ús net mear opfalt en dat is tige spitich.

Dat moat oars!

Oanrekommandaasje 4: Mear Frysk sichtber op 'e dyk

It liket allegear sa fansels. Fryslân is twatalich en dus – sa soe men ferwachtsje – spylje Frysk en Nederlânsk in min ofte mear lykwaardige rol yn it deistich ferkear. En dochs is dat alderminst it gefal. Nim no sa'n simpel ferkearsboerd 'Doorgaand verkeer', dat is oeral Nederlânsktalich. Yn 't ramt fan it better sichtber meitsjen fan it Frysk op 'e dyk en yn ús prachtich kultuerlânskip soenen de buorden feroare wurde moatte yn Trochgeand ferkear.

**Fryslân is in moai autolân om te ûntdekken,
feroarje de buorden 'Doorgaand verkeer' yn Trochgeand ferkear.**



Dit is in foarbyld

De provinsje nimt dit mei yn de bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer.

Oanpassing nedich fan it 'Reglement verkeersregels en verkeerstekens 1990' (RVV 1990)



Dit is in foarbyld

Plysje: Wach en tsjinstber

Oanrekommandaasje 5: Mear Frysk sichtber op 'e dyk

De plysje is dyn bêste freon. In bekende slogan út ferfleine tiden? Fansels net. Mar om draachflak te hâlden yn Fryslân en foar de Fryske mienskip binne yn de takomst taalferoarings nedich, ek by de oerheid. De taal fan it folk prate en de Fryske taal sichtber sjen litte op plysje-unifoarms en plysje-auto's mei de bedoeling: wy binne der foar jimme. It Ryk draacht ommers, tegearre mei Fryslân, soarchplicht foar it Frysk yn al syn fasetten.

Yn Brussel drage Plysjeminsken in dûbeldtalige plysjeopskrift op harren klean. Dit kin ek yn Fryslân. De provinsje nimt dit mei yn de bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer.



Oanpassing nedich fan de 'Regeling van de Minister van
Binnenlandse Zaken, nr. EA94/U907,
houdende regels voor de kleding van de politie'.




In fisuele identiteit

Oanrekommandaasje 6: Mear Frysk sichtber op 'e dyk


It liket allegear sa fansels. Fryslân is twatalich en dus – sa soe men ferwachtsje – spylje Frysk en Nederlânsk in min ofte mear lykweardige rol yn it deistich ferkear. En dochs is dat alderminst it gefal. Nim no ús identiteitsbewizen, lykas de identiteitskaart, it paspoart of it rydbewiis. Dy binne yn it Nederlânsk, Ingelsk en Frânsk, it Frysk stiet der net op, dus bestiet it net. Dat moat oars. It sichtber meitsjen fan ús erkende taal op ús ID-bewizen past yn it ramt fan taalemansipaasje. Tagelyk is it ek statusferheegjend, wat wer in posityf effekt hat op oare beliedsdoelen lykas it ûnderwiis yn it Frysk.

It Frysk ek sichtber op ús identiteits bewiis, sa as identiteitskaart en rydbewiis.



Dit is in foarbyld

De provinsje nimt dit mei yn de bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer.



Dit is in foarbyld

Boarne: Afûk



Yn de Rjochtbank!


Minsken moatte harren útdrukke kinne yn de memmetaal.
It is al spannend genôch om yn in rjochtseal te stean.

Oanrekommandaasje 7: Mear Frysk sichtber op 'e dyk

In dûbeldtalich Nederlânsk / Frysk stimpelfûnis as oantekening op it strafrechtlik fûnis fan in dokumint.




De provinsje nimt dit mei yn de bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer.



In dúdlik en heldere identiteit

Oanrekommandaasje 8: Mear Frysk sichtber op 'e dyk

It Ramtferdrach Nasjonale Minderheden is in ferdrach dat op 1 febrewaris 1995 troch de leden fan de Ried fan Europa sletten waard. Nederlân hat it ferdrach ek op dy datum ûndertekene. Op 16 febrewaris is it ramtferdrach troch Nederlân úteinlik ratisfysearre en is op 1 juny 2005 fan krêft wurden. Dêrtroch binne de Friezen no yn Nederlân en Europa erkend as in echte nasjonale minderheid. It ferdrach hat betsjutting foar de minskerjochten lykas it frij brûken fan jins eigen taal, kultuer en identiteit. Nederlân hat dêrmei in ferplichting oangeande it Frysk en Fryslân. It sichtber meitsjen fan ús identiteit op ús identiteitskaart past yn de emansipaasje fan de Friezen om har as Fries te identifisearjen. It is in ûnrjocht dat Friezen nei 17 jier formele erkenning har noch hieltyd net legitimearje kinne op basis fan it ramtferdrach. Dat moat dochs mooglik wêze?!



Dit is in foarbyld

Ús erkenning as nasjonale minderheid ek sichtber op ús identiteitskaart.

Of in oanpaste pas. Of ien derby as in skaaimerke fan in dûbelde nasjonaliteit.

De provinsje nimt dit mei yn de bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer.



**Dy't syn
eigen taal fersmyt,
is syn djipste
wêzen kwyd**

Oanrekommandaasje 9: Mear Frysk sichtber op 'e dyk

Gemeente Achtkarspelen

AFSCHRIFT VAN GEGEVENS UIT DE BASISADMINISTRATIE PERSOONSGEGEVENS
AFSCHRIFT VAN GEGEVENS UIT DE BASISADMINISTRATIE PERSOONSGEGEVENS

Uit de basisadministratie persoonsgegevens van de gemeente Achtkarspelen blijkt, dat daarin is opgenomen/
Uit de basisadministratie van deze gemeente docht blikken, dat dêryn ynskreaun is:

Naam/Namme : Reinarda
Voornamen/foarnammen : Siwert
Geboren/Berne : 1963 te Ljouwert
Adres/Adres : Achtkarspelen

Buitempost,
09-01-2009

Namens het gemeentebestuur,
Ut namme fan Boargemaster en Wethâlders fan Achtkarspelen,

Goed foarbyld

H 7538288 B

Gemeenten lizze wichtige ynformaasje fan har ynwenners fêst yn de basisregistraasje.

Men kin dêr in ôfskrift of úttreksel fan oanfreegje. Dat is in skriftlik bewiis fan dy ynformaasje.

Der binne 2 soarten úttreksels:

In úttreksel út de basisregistraasje persoanen (BRP): dêrop steane saken lykas jo namme, bertedatum, berteplak en jo adres. Ynstânsjes kinne dêr om freegje, bygelyks om te bewizen yn hokfoar gemeente oft jo wenje.

In úttreksel út de registers fan de boargerlike stân: dat is in bewiis fan in wichtich foarfal út jo libben. Sa kin men in úttreksel fan jins berte-akte of houliksakte oanfreegje.

Op dit stuit wurde de úttreksels yn de measte gemeenten allinnich yn it Nederlânsk útprinte. It fersyk oan de provinsje is om it inisjatyf te nimmen en gean mei alle gemeenten yn Fryslân yn petear en regelje dat alle úttreksels standert dûbeldtalich Frysk-Nederlânsk útprinte wurde of digitaal ferstjoerd.



Boarne: Gemeente Tytsjerksteradiel

In fisuele identiteit

Oanrekommandaasje 10: Mear Frysk sichtber op 'e dyk


Fanâlds hat de minske ferlet hân om de dingen út syn libbenswrâld in namme te jaan. Diken en strjitnammen binne sûnt de midsiuwen yn it Fryske taalgebiet bekend. In nammejouwing dy't soarget foar legitimiteit en sichtberens en past yn ús histoarysk-kultureel lânskip. De BAG (Basisregistraasje Adressen en Gebouwen) befettet de offisjele ynformaasje fan alle adressen en gebouwen yn Nederlân. De gemeenten binne ferantwurdlik foar it registrearjen en byhâlden fan dy data. De Wâldwei (N31) is in moai namme foarbyld en wurdt offisjeel neamd yn it kadaster. Lit ús ek de ûnpersoanlike A7 offisjeel neame mei in namme dy't út histoarysk eachpunt wei ferantwurde is. Bygelyks Fryske autodyk, Fryske autowei, Fryske rykswei, Fryske autobaan, Grutte Pierwei of Redbadsdyk ensfh.

De provinsje nimt it inisjatyf en makket ôfspraken mei
oanbelangjende gemeenten en it
Ryk om dit te regeljen.





**Les krije yn jo memmetaal
is in minskerjocht.**



Foar in takomstbestindich Fryslân en it Frysk

Stagnaasje yn de fierdere ûntwikkeling fan it Frysk betsjut ferfal, dus moatte wy oan 'e bak en ta op in duorsume fernijing en fierdere emansipaasje. Hjirby 10 foarstelde oanrekommandaasjes om de sichtberens fan de Fryske taal yn Fryslân te fersterkjen en te fergrutsjen, wittende dat guon wetten en regels no ienris feroare wurde moatte.

En wy wolle net opskeppe ofsa, mar wy kinne dat. Friezen dogge alles nammentlik krékt efkes oars. Krekt wat relaxster, logysker, noflikker en alles op syn tiid. Ek wat eigensinniger en wat stadiger faaks, mar ek wis wat frijer! En al dy lytse 'krekt-oarsen' mei-inoar makket Fryslân folslein oars. Dêrom is ús karakter ek sa ûngrypber foar in soad Hollanners.

De rest fan Nederlân kin ús en ús 'fratsen' mar lestich definiearje, om't wy dingen no ienkear op ús eigen wize dogge.

Dit boekje wurdt jo oanbean út namme fan de Jongfryske Mienskip, in jonge feriening fan mear as 100 jier âld.

Mei alle leafde,  doch der wat mei ... 

maart 2022

Drukkerij Mulder Surhuisterveen
Gedempte Vaart 50,
9231 AW Surhústerfean